

[0418]

**Hikke fan Heit?**

Yn 'e foarsimmer fan 1970 trune Oosterhout my der ta oan, om myn tinzen ris gean to litten oer it iene of oare ûnderwerp, dat faeks in artikeltsje foar Us Wurk opsmite koe. Ik forwachte doe, dat ik sa gau as ik eat gaedliks op it each hawwe soe, foar goede rie op Oosterhout weromfalle koe. Mar dat is oars biteard: de neifolgjende rigels oer *heit* forskine yn de tinkbondel foar de man, dy't my ta it setten fan in earste stap yn 'e frisistyk oanmoedige hat.

Hwa't yn Fryslân hikke en tein is, wit dat it fryske wurd foar ndl. *vader* yn fierwei de measte gefallen *heit* is, alhoewol't *fader*, *faer* yn biskate útdrukkings en gearstallings ek foarkomt. *Faer* wurdt neffens WALING DYKSTRA<sup>1</sup> 'niet als vocativus, noch van eigen; maar alleen van derden' brûkt. Gearstallings mei *fader*, *faer*, *fear* binne bg. *âldfader*, *tsjerkfader*, *foarfaers*, *âffear*.

*Heit* is yn 'e oanbuorjende talen sûnder parallel, mar wol is der yn 't hessysk in wurd dat der tige op liket (sjoch ûnder). Foar *fader*, ndl. *vader* binne der yn 'e oare germaenske talen wol oerienkommende wurden; bg. ing. *father*, nhd. *Vater*. Dy wurden geane werom op it yndogermaensk, lykas lat. *pater*, gr. *πατήρ*, skr. *pitár*- útwize.

Nou is fansels wol bisocht om ek foar it fryske wurd *heit* yn al of net bisibbe talen hâldfêst to finen. Oan 'e ein fan 'e 17de ieu hat JOHANNES HILARIDES yn syn 'Naamsporingen van het platte Friesk'<sup>2</sup> him al dwaende hâlden mei *heite* en *heit*, dat 'in Friesland soo seer gebruikelijk is, dattet niet alleen, onder de lantlieden; maar ook by de meeste in de steeden gebeezigd wort'. Hilarides jowt as earste foarm *heite*, lykas ek GYSBERT JAPIKS *heyte* skreau. De foarm *heite* kinne wy yn it hjoeddeiske frysk ek noch wol, mar dan yn 'e bitsjutting 'makker, kameraed', yn sinnen as 'En nou giest mei, heite!'. Fierders kinne wy *heite* ek noch as genityf fan *heit* brûke, yn bg. *heite hikke* = ndl. 'vaders hek'.

Yn in 'losse raaminge, by de gis' komt Hilarides mei in ôflieding fan *heite* út *heiteken* by *hijken*, *heiken*, hwat by *hij* hearre soe. Dan moatte wy, oft wy wolle of net, oan de *hijkes* en de *sijkes* by de ljippen tinke. Mar de forklearring út *heiteken* by *hijken*, *heiken* by *hij* foldocht my alhiel net. Allinne de fokael nei de *h* soe it al frjemd mei steld wêze. En hwêr is *-ken* fan it suffiks *-teken* bleaun?

By in ernstiger bisykjen bilûkt Hilarides yn syn ôfliedkundige biskôgings oer *heit(e)* wurden as lat. *atta* (hwat 'de Latijnen by ouds, in eerbiedigheid, totte oude van jaaren [seiden]'), ek *hatta*, got. *atta*, switsersk *atte*, *atti*, ensfh., út net-yndogermaenske talen hong. *attia*, út 'Hessenland' *Hatto*, *Hetto*. Boppedat komt it fryske *aate* 'pake' op it toaniel. Fierders skriuwt er oer got. *atta*, dat 'heeden 's daachs in Friesland de behertigers der oude taal daar voor *haita* beezigen. Want dus beginnenze dit Heeren gebet: *Uus haita du derstu biste yne hijmel*. Ook de

Gaskoenjers behouden uit der Kelten oude taal, *aita'*. Yn in oanfolling bringt Hilarides noch in stel by Kiliaen foune nammen: *Atte, Hatte, Hette, Hedde, Hatte, Attel, Hattel, Hettel, Hetsel*; mar dy nammen kin men grif neat mei bigjinne.

Myn greatste biswier tsjin 'e forklearring fan *heit* en got. *atta* ensfh. út ien en deselde foartrime is it feit, dat it fryske *heit* mei *h* bigjint. Der komt dan noch by, dat de forhâlding fan de *a*'s yn 'e oanhelle foarmen en de *ei* yn it frysk my net dúdlik is.

It âldfryske *aththa*, dat neffens POKORNY<sup>3</sup> 'heit' bitsjutte, wurdt fan him by '*ātos, atta* Lallwort 'Vater, Mutter' ' steld, lykas û.o. âldyndysk *atta* 'mem, âldere suster', gr. *ἄττα* 'Väterchen', lat. *atta* 'heit', âhd. *atto* 'heit, foarfaer', âldtsjerkslavysk *otbcb* < *\*attikós*. Oan germaenske wurden jowt FEIST<sup>4</sup> ek noch âldyslânsk *atte*, mhd. *atte, ätte*, nhd. dial. *ätte* 'heit' op. Feist hâldt dy wurden foar 'Wohl eine sich immer wieder erneuernde Schöpfung der Kindersprache, wie *papa, mama* u. dergl. ...', en skriuwt ek, dat oaren got. *atta* etc. út it fortroulik oansprekken forklearje. Mar de feitlike bitsjutting fan *aththa* t.w. 'Richter, Geschworener' leit dochs wol fier fan 'heit' ôf. Dêrom moatte wy wol mei VAN HELTEN<sup>5</sup> en HOLTHAUSEN<sup>6</sup> oan in ôflieding fan *âth* = *êth* 'eed' tinke.

KLUGES etymologysk wurdboek fan 'e dútske tael'<sup>7</sup> nimt foar dt. *Vater* en *Mutter* oan, dat stammerwurden út de bernetael de grounslach foarmje. Itselde fine wy foar *Mutter, moder* yn de DUDEN-Etymology<sup>8</sup> en yn NIELSENS deensk etymologysk wurdboek<sup>9</sup>, ek noch as mûglikheit foar *Vater, fader*, mar beide wurdboeken hâlde der rekken mei, dat *Vater, fader* ek by in woartel *\*pō[i]-* 'hoedzje, biskermje' hearre kinne.

Wy kinne fansels ek foar *heit* oan in stammerwurd tinke, lykas foar got. *atta*, foar *papa* en *mama*<sup>10</sup>. Mar *heit* wykt nochal ôf fan dat slach wurden, dy't allegearre mar ien soarte fan net-diftongyske fokael (t.w. de *a*) en ien soarte fan konsonant hawwe (*t* of *p* of *m*), wylst *heit* twa soarten fan konsonant (in saneamd Hauchlaut en in stimleaze dentale eksplosyf) en as fokael in diftong hat.

De oplossing is nei alle gedachten net by de stammerwurden to finen. In oanwizing nei in better paed jowt faeks it artikel fan TRIER yn it Zeitschrift der Savigny-Stiftung fan 1947<sup>11</sup>, dêr't de sibbe fan dt. *Vater*, lat. *pater* ensfh. ôfliedkundich bihandele wurdt. Trier, dy't der fan útgiet, dat de yndogermaenske famylje as 'Ring' en 'Zaun'<sup>12</sup> biskôge waerd (sjoch de boppeneamde woartel *\*pō[i]-*), bisiket om oannimlik to meitsjen, dat de wurden *Vater, pater* yn oarsprong de hear yn 'e kring fan 'e sibbe oantsjuten en net sasear op it biologysk aspekt slane. Al is dan fan it idé, dat *fader, vader, pater* ensfh. by einsluten ôfliedings fan in wurd foar 'Zaun' binne, net eltsenien oertsjûge<sup>13</sup>, dochs kin it wizen op it feit, dat dy wurden rjochtsbigripen binne, fan great bilang wêze foar fierder etymologysk ûndersyk.

ERNOUT en MEILLET wurde fan Trier neamd as gelearden, dy't opmurken hiene, dat 'Ce qu'indique *pater*, ce n'est pas la paternité physique, qui est plutôt indiquée par *parens* et par *genitor*. *Pater* a une valeur sociale'... La valeur sociale, et par suite religieuse, de *pater* qu'on observe en latin est héritée de l'indo-européen'<sup>14</sup>. Dat stiet yn tsjinstelling ta dt. *Mutter*, lat. *māter*, gr. μήτηρ ensfh.; dy lêste wurden jowe neffens Trier wol it biologyske aspekt wer, dêr't er fansels biwizen foar bybringt. Trier komt ta 'die Bedeutung 'Schoss' im Sinne des weiblichen, hervorbringenden, gebärenden Schosses'<sup>15</sup>. By lat. *pater*, dt. *Vater*, gr. πατήρ leit it lân der oars hinne as by *māter* etc.: '*Pater* ist', neffens Trier, 'ein Begriff der Rechtsordnung. *Māter* ist ein Begriff des naturhaften Lebens. *Pater* ist ein soziologisches, *māter* ein biologisches Wort. *Pater* greift selten und nur gelegentlich ins Biologische hinüber, *māter* selten und nur gelegentlich ins Rechtliche ...'<sup>16</sup>.

Us âldfryske rjochtsteksten hawwe it wurd *feder*, *fether*, *fader* foar 'heit'. Dat leit yn 'e reden, nou't it net ûnwierskynlik is, dat *fader*, *pater* ensfh. in rjochtsterm is fan oarsprong. Mar wie en is der ek in wurd foar de heit yn biologyske sin?

Yn it latyn en gryksk komme foar dat aspekt fan it heit-wêzen wurden foar, dy't alteast foar in part as nomina agentis to biskôgjen binne, lykas lat. *parens*, *genitor*, gr. γουεύς, γευέτης. By dy wurden kinne wy sûnder biswier bypassende tiidwurden fine: *parere*, *gignere* (*genui*, *genitum*) resp. γευεσθαι. In oar gryksk wurd is ὄϊτος, dat by Φίτυ 'sprút, leat', Φίτυμα 'sprút, soan' en Φιτρός 'woartelstok' heart<sup>17</sup>.

Yn 'e germaenske talen komme wurden foar mei de woartel germ. *\*hag-* (wol út ydg. *\*kak-*, mei ynfloed fan de wet fan Verner; forlykje ek letsk *kakale*, âldtsjerkslavysk *kočānb.* 'penis')<sup>18</sup>. De bitsjutting fan *\*hag-* sit yn it manlik oandiel yn it fuortplantingsproses. Ik soe wize kinne op:<sup>19</sup>

âldn. *hogni* 'boarre' < *\*hag-un-*;

mhd. *hagen*, swabysk *Hag(e<sup>n</sup>)* 'fokbolle', swits. *hagen*;

nhd. dial. *Hegel*, swabysk *Hägel*, *Heigel*, 'fokbolle < *\*hag-il-*;

nhd. dial. *Hacksch* 'bear' (= mantsjebaerch);

nhd. dial. *Hagk*, *Heckel* 'ever';

miskien ek noch ing. *hog*, let-âlding. *hogg* '(sniene) bear'; dat wurd wurdt sûnt de 14de ieu ek brûkt foar jong skiep en kin in lienwurd út it keltysk wêze;

âhd. *hegidruos(a)*, mhd. *hegedruos*, nhd. (forâldere) *Hegedrüse*, hess. *Heidrüse* 'testis';

âldsaks. *heidrōsi* 'genitalia', *hagedros(e)* 'inguen';

âlding. *hagan* 'genitalia';

ek de *hynst*, âldfrysk *hengst*, *hangst* (< germ. *\*hangista-*) heart miskien yn dizze rige thús, en wol as wurd mei in *-n-ynfiks*<sup>20</sup>.

By dizze wurd sibbe heart in swak tiidwurd, dat yn it middelingselsk *hacchen*, yn it nijingselsk *hatch*, yn it middelheechdútsk en nijheechdútsk *hecken* '(út-)briede, jongen krije' is, en binammen by fûgels brûkt wurdt<sup>21</sup>. It tiidwurd moat in yntensivum mei saneamde ekspressive geminaesje, mei *kk* ynsté fan mei *g* wêze, lykas bg. frysk *bûke* neist *bûge*, ndl. *bukken-buigen*, *hikken-hijgen*, *nikken-nijgen*<sup>22</sup>. By *hatch* en *hecken* hearre de substantiven ing. *hatch* en dt. *Hecke* 'fuortplanting, pearing'.

Ek it frysk hat in mei *hatch* en *hecken* forlykber wurd, al skriuwt de Duden-Etymologie dat dy wurden allinne yn it dútsk en ingelsk foarkomme: '*hecken* 'Junge zur Welt bringen': *Mhd.* *hecken* 'sich begatten' (von Vögeln), dem im *germ.* Sprachbereich lediglich *engl.* to *hatch* 'hecken; (aus-)brüten' entspricht, ist wahrscheinlich identisch mit *mhd.* *hecken*, einer Nebenform von *hacken* 'hacken, hauen'... Das Verb würde sich demnach urspr. auf das Hacken, mit dem sich Küken oder junge Vögel aus dem Ei befreien, bezogen haben<sup>23</sup>. Yn dit ôfliedkundich wurdboek wurdt net allinne gjin forbân lein mei de niisneamde sibbe fan germ. *\*hag-*, ydg. *\*kak-*, mar wurdt ek it frysk (en it skandinavysk, dat oerienkommende tiidwurden wol út it dútsk oernommen hat<sup>24</sup>) bûten biskôging litten. WALING DYKSTRA<sup>25</sup> jowt foar *hikje* as bitsjutting op: 'doorbreken, doen uitkomen' (fan aeijen) en 'overdr. ter wereld brengen'. Duden en Dykstra binne it dus wol iens oer de bitsjutting, mar dochs leau ik mei KLUGEMITZKA<sup>26</sup> en JOHANNESSON<sup>21</sup>, dat *hecken* en *hikje* by ydg. *\*kak-* ûnderbrocht wurde moatte. BROUWER<sup>28</sup> hat inkele jierren forlyn in artikel wijd oan *hikke* (*en tein*) en *hikje* yn it frysk. Hy hellet in bulte literatuer oan, sûnder him dúdlik foar in stânpunt fan immen oars út to sprekken. Oan 'e ein fan syn artikel freget er, oft wy net in skokkende biweging as gronbitsjutting fan *hikje* oannimme meije. Sa'n gronbitsjutting soe bêst passe kinne by in germ. woartel *\*hag-*, dy't to krijen hat mei it fuortplantingsproses, hwant dêr komme yn mear as ien fase skokkende biwegings by foar.

Foar it tiidwurd *hikje* fine wy mûglik al foarbylden by GYSBERT JAPIKS<sup>29</sup>. Yn Psalm 139 : 6 stiet: *Da'k ijn 't oerschuwill teyn' wirde' in hicke*. Neffens EPKEMA<sup>30</sup> en BRANDSMA<sup>31</sup> soene wy hjir to meitsjen hawwe mei in tiidwurd *hicke*, *hickje* yn 'e sin fan 'sykhelje, libje'. Mar dat wol my net oan. Ik tink mei BROUWER<sup>32</sup> foar *teyn' wirde' in hicke* leaver oan in bitsjutting 'konsipearre waerd', dus 'makke waerd'. Ek it wurd *hickt* yn Psalm 146 : 5 soe wolris mei it fuortplantingsproses to meitsjen hawwe kinne, al past nei myn gefoel hjir in bitsjutting 'libbet, sykhellet, bigjint to libjen' ek net min<sup>33</sup>: *Dy God, dy da Hijmmel mecke, d'Yerds bouw festge', oonfet in quick't, Dy da See dear ruwn-om recke Mey 't jinge' er ijn djoeyt in hickt*. Yn it hjoeddeiske Frysk komt *hikje* 'útkomme', 'to wrâld komme' yn syn oarspronklike bitsjutting grif noch foar yn de útdrukking *hikke en tein*, dy't sa't Teake Hoekema my meidielde, as regel 'forklearre' wurdt mei it hollânske

geboren en getogen ('berne en greatbrocht'), dat op in oare fase slacht en sadwaende it gefoel foar de eigen bitsjutting fan *hikje* en *tsjen* by ús forkrongen hat. *Tsjen* komt yn it FriW - de boarne is Joast Halbertsma - foar yn *De dúnske kou tsjên litte* en it soe dus bêst ris wêze kinne dat *hikke en tein* yn 'e neamde útdrukking farianten binne fan elkoar.

Lykas it latyn en it gryksk soene ek it hessysk en it frysk in wurd foar 'heit' hawwe kinne, dat histoarysk sjoen opboud is út in woartel mei bitsjuttingen op it mêd fan 'e pearingsdie en út in suffiks foar in nomen agentis. Yn it hessysk kaem yn alle gefallen noch yn 'e foarige ieu yn Kurhessen as wurd foar 'heit', dat neffens VILMAR 'Ausser Hessen ...nirgends aufzufinden ist als im friesischen ...' foar *Heite*, *Hête*, dat ornaris sprutsen waerd as *Heide*, *Hêde*<sup>34</sup>.

Foar't ik op *heit* en *Heite* neijer yngean, wol ik it wurd *heit* earst nochris fan in oare kant bisjen. Twa wurden, dy't op *heit* rime, binne *leit* en *seit*. As men wit, dat *leit* (3.sg.ind.pres. fan *lizze* 'leggen') en *seit* (3.sg.ind.pres. fan *sizze* 'zeggen') op *\*lagip* (earder *\*lagiip*) en *sagip* (earder *\*sagiip*) weromgeane, dan mei men foar *heit* in ôflieding út *\*hagip* bisykje.

*\*hag-* hawwe wy boppe al biskôge; bliuwt noch *-ip*. Fan mei in op ydg. *-t* weromgeande dentael foarme nomina agentis hawwe wy yn it germaensk forskate foarbylden<sup>35</sup>:

got. *hliftus* 'dief', by *hlifan* 'stelle';

âldsaks. *helið*, âldingelsk *hæle(ð)*, mndl. *helet* 'helt', dat alhiel tobekgiet op 'e stam *\*kel-* 'oandriuwe'; âldsaks. *helið* ensfh. soe dan yn oarsprong de hoeder fan 'e kudde wêze, dy't as jongkeardel focht tsjin minsken en dieren, dy't fé rôvje woene;

âhd. *sceffidh* 'Skepper', by *scepfen* 'skeppe';

âhd. *leitid*, *leidit*, *leididh*, *leitido* 'lieder'; by *leiten* 'liede'; miskien ek âldsaks.

*metod*, âlding. *me(o)tod*, âldn. *mjōtuðr* 'Skepper', 'lot', by germ. *\*met-* 'mjitte'.

Yn it âldnoarsk komt yn poëtysk taelgebrûk it suffix *-uðr*, *-aðr* by nomina agentis, dy't fan swakke tiidwurden ôflaet binne, in bulte foar<sup>36</sup>.

*\*hagip* - soe sûnder mis ta *heit* laet hawwe. De ûntjowing fan germ. *þ* ta nijfrysk *t* komt yn mear wurden foar, forlykje ndl. *lied*, *liederen* en *held*, *helden* mei frysk *liet*, *lieten* en *helt*, *helten*, dêr't de ndl. *d* en de fryske *t* op germ. *þ* weromgeane. It hessyske *Heite*, *Heide*, *Hête*, *Hêde* kin op in swak *\*hagipō* weromgean, forlykje hessysk *Eide*, *Ede* foar frysk *eide* út germ. *\*agipō* (fem.; âlding. *egeðe*, mnd. *egede*, âldsaks. *egitha* ensfh.). De foarmen mei *d*

binne yn it hessysk frekwinter as dy mei *t*. De *t* is miskien ûnder ynfloed fan in konkurrearjend wurd *Teite* (yn it hessyske Schaumburg) ûntstien.

By de foarstelde ôflieding fan *heit* kin it as biswier field wurde, dat der yn it frysk net safolle spoaren fan 'e germaenske woartel *\*hag* to finen binne, al hawwe wy dan *hikje* mei in *k* troch de saneamde ekspressive geminaesje. De *i* yn *hikje* jowt gjin problemen: in *i* foar *e* út *a* hawwe wy ek yn *hikke* = ndl. *hek*<sup>37</sup> (mei ekspressive geminaesje neist wurden as *hage*, en dútsk *Hecke*, ndl. *heg* út resp. germ. *\*hakkj-*, *\*hag-*, en *\*hagj-*) en yn *ikker* en *Ikkerwâld*, ndl. *akker*, *Akkerwoude*.

De slút-*e* fan *heite* hat nei alle gedachten syn opkomst to tankjen oan it feit, dat in heap oare wurden foar manlike famyljeleden (*omke*, *pake*, *ate*, *tate*) twa wurdliiden hawwe, mar kin ek forklearre wurde, as men oannimt, dat *\*hagipō* (forl. âhd. *leitido* en hess. *Heite*, *Heide*) en net *\*hagip* de foartrime fan *heit* is.

It wurd *heit* hâldt dus nei alle wierskynlikens forbân mei *hikje*, en wy meije dêrby dan net allinne tinke oan 'e hjoeddeiske bitsjutting fan *hikke*, 'útkomme', 'to wrâld komme': *heit* hinget yn oarsprong gear mei it oandiel fan 'e man yn it pearings- en fuortplantingsproses, wylst *fader* de pater familias, it haed fan de famylje oantsjutte.

Grins

Tette Hofstra

#### Noaten

1. W. Dykstra, Friesch Woordenboek I: A-H, Leeuwarden 1900, s. 334.
2. Sitearre nei: Johannes Hilarides en syn Naamspooringen van het platte Friesk, Diel I: Naamspooringen. Utj. f. A. Feitsma e.o. (= Estrikken XXXVII), Grins 1965, s. (104)-(106).
3. J. Pokorny, Indogermanisches Etymologisches Wörterbuch I, Bern-München (1959), s. 71.
4. S. Feist, Vergleichendes Wörterbuch der gotischen Sprache, 3. Aufl., Leiden 1939, s. 62.
5. W.L. van Helten, Altostfriesische Grammatik, Leeuwarden 1890, s. 96.

6. *F. Holthausen*, *Altfriesisches Wörterbuch*, Heidelberg 1925, s. 4.
7. *F. Kluge-W. Mitzka*, *Etymologisches Wörterbuch der deutschen Sprache*, 20. Aufl., Berlin 1967, s. 810 en 497.
8. *Duden-Etymologie* (= *Der Grosse Duden 7*), Mannheim (1963), s. 735 en 459.
9. *N.Å. Nielsen*, *Dansk etymologisk ordbog*, 2. udgave, København (1969), s. 87 en 254.
10. Forl. *Feist*, o.w., s. 62.
11. *J. Trier*, *Vater. Versuch einer Etymologie*, yn: *Zeitschr. d. Savigny-Stiftung f. Rechtsgesch., Germ. Abt.* 65 1947, s. 232-260.
12. o.w., s. 248 en 259.
13. Forl. *J. de Vries*, *Nederlands Etymologisch Woordenboek*, Leiden 1971, s. 762, dêr't oer *Triers opfetting sein wurdt*: 'Dit kan echter niet meer dan een vermoeden zijn'.
14. *Trier*, o.w., s. 232.
15. *J. Trier*, *Holz. Etymologien aus dem Niederwald*. Münster-Köln 1952, s. 138ff.
16. *Trier*, o.w., s. 139.
17. *Dizze wurden foar 'heit' wurde neamd fan Trier*, o.w., s. 140.
18. Sjoch *A. Johannesson*, *Isländisches etymologisches Wörterbuch*, Bern 1956, s. 179 en *H. Sperber*, *Beiträge zur germanischen Wortkunde*, yn: *Wörter und Sachen* 6 1914-1915, s. 17.
19. It neifolgjende materiael komt út: *K. Schiller-A. Lübben*, *Mittelniederdeutsches Wörterbuch II: G-L*, Bremen 1876, s. 173; *J. Grimm en W. Grimm*, *Deutsches Wörterbuch IV. 2: H.I.J.*, bearb. v. M. Heyne, Leipzig 1877, kol. 107, 151, 776 en 777; *H. Fischer*, *Schwäbisches Wörterbuch III: G.H.*, Tübingen 1911, kol. 1035 en 1345. *H. Sperber*, o.w., s. 17; *Trübners Deutsches Wörterbuch III: G.H.*, Berlin 1939, s. 371; *Johannesson*, o.w., s. 179; *C.T. Onions*, *The Oxford Dictionary of English Etymology*, Oxford 1966, s. 444; *Kluge-Mitzka*, o.w., s. 295.
20. Forl. *Sperber*, o.w., s. 21; in oare forklearring jowe û.o. *Duden-Etymologie*, s. 261 en *Kluge-Mitzka*, s. 303.
21. Forl. *Kluge-Mitzka*, o.w., s. 295.
22. Forl. *J. de Vries*, o.w., s. 94, 257 en 473.
23. *Duden-Etymologie*, s. 254.
24. Sjoch *E. Hellquist*, *Svensk Etymologisk Ordbok I: A-N*, ny upplaga, Lund (1939), s. 382.
25. *Dykstra*, o.w., s. 515-516.
26. *Kluge-Mitzka*, o.w., s. 295.
27. Forl. *Johannesson*, o.w., s. 179.
28. *J.H. Brouwer*, *Hikke en tein*, yn: *De Pompeblêdden* 35 1964, s. 110-112.
29. De neifolgjende Gysbert-sitaten komme út: Gysbert Japicx Wurken, bis. f. *J.H. Brouwer e.o.*, *Boalsert*<sup>2</sup> 1966, s. 228, 255 en 113.
30. *E. Epkema*, *Woordenboek op de gedichten en verdere geschriften van Gijsbert Japicx*, Leeuwarden 1824, s. 204.
31. *W.L. Brandsma*, *Het werkwoord bij Gysbert Japicx*, Diss. Groningen 1936, s. 99.
32. *J.H. Brouwer*, *J. Haantjes*† en *P. Sipma*†, *Oantekeningen op Gysbert Japicx Wurken*, Boalsert 1966, s. 211; sjoch ek it yn noat 28 neamde artikel fan *Brouwer*.
33. Sjoch de *Oantekeningen* (noat 32), s.112, hwer't *hickt* as 'bigjint to libjen' omskreaun wurdt.

34. *A.F.C. Vilmar*, *Idiotikon von Kurhessen*, Marburg-Leipzig 1868, s. 162.
33. Forlykje foar de folgjende foarbylden: *F. Kluge*, *Nominale Stammbildungslehre der altgermanischen Dialekte*, 3. Aufl., Halle (Saale) 1926, s. 16-17; *R. Schützeichel*, *Althochdeutsches Wörterbuch*, Tübingen 1969, s. 110 en 170; *H. Krahe - W. Meid*, *Germanische Sprachwissenschaft III: Wortbildungslehre* (= Sammlung Götschen 1218/1218a/1218b), Berlin 1967, s. 140-141.
36. Sjoch *Krahe-Meid*, o.w., s. 159; *Kluge*, o.w., s. 17.
37. Sjoch *J. de Vries*, o.w., s. 247.